



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE Wirdum Fr e.o.

Snein 9 augustus 2009

Begjin....

Soms wurde je oan de lette kant wekker.
Geane wy wol of dôchs mar net nei tsjerke??



Dizze moarns
sprongen twa
gemeenteleden
dôchs fluch út bêd
en yn de auto. Dan
stiet hy wol ris wat
bryk parkeard... En
nei de tsjinst foel
dat wol op...

Fansels wine sy
fan herte wolkom.
Sy misten wol de
twa minsken die de
besikers by de
doar opfongen en
sa nedich
ynformaasje
joegen.



Tsjinst fan de tarieding.

De âlderling fan tsjinst, Martje Meijers, hjit elts
fan herte wolkom. Dominee Wagenaar giet
fierder foar. Wy sjonge út SOW 90; 1 en 2.
'Zomaar een dak boven wat hoofden'.



Yn it gebed
om ûntferming
wurdt bidden
foar de wrâld
fier fuort, de
wrâld ticht by
en om ús
hinne en foar
ússels.

Tsjinst fan de skriften.

Yn it gebed bei it iepenjen fan de skriften wurd
frege dat de geast by ús wêze
mei en dat it wurd goed te plak
komt.

Bern Dizze kear gongen der 4
bern mei Linda Jongbloed nei de
bernetsjinst yn de Fikarij.



Lêzing: Marcus 7 vers 24-30.
Jezus giet nei Tyrus en siket
rêst. Dan komt der dôchs en frou
bei him. Har dochter is beset troch demoanen en
Jezus kin der wat oan dwaan. Jezus seit dan dat
earst de bern ite moatte foar de hûntsjes wat
krije. De frou antwurdet dat at de bern ite de
hûntsjes dôchs ek de krommels
krije kinne? Jezus seit dan dat har
dochter genêzen is.

Wy sjonge gesang 172. "Een mens
te zijn op aarde".



Preek:

Wagenaar stelt dat Jezus hjir wol
raar út de hoeke kaam.
Wy krije útlis oer de kontekst. Jezus hie flinke
konflikten hân. Mei Herodes die Johannes
fermoarde litten hie. Mei de skriftgelearden oer
rein of ûnrein. (Jezus seit dat alle iten suver is.
Net wat yn de minsken giet it rein of ûnrein mar
wat der út de mûle komt fan minsken is rein of
ûnrein...))
Derom lûkt hy him werom yn Tyrus. Efkes fuort
om te bekommen, ta je sels te kommen at je it
krap ha

Ús tiid: Dat barte by de emigraasje ek. In protte
minskene hiene it krap. Sy emigrearen. De wrâld
oer. Amerika waard ferovere. Sy gongen nei

Afrika, Indonesië. Faaks ek om it better te krijen. Har eigen godstsjinst út te oefenje kinnen...

Destiids: Dan komt die Heleenske frou bei Jezus. Sy giet op de knibbels en freget Jezus om har dochter better te meitsjen. Jezus reagearret neffens de tradysje. Op minsken die net joad wine waard delsgoen. Oare minsken, oar folk waard as achtelik besjoen. Net frjemd yn die tiid want dat wie oerdal sa. Fan út die tradysje seit Jezus dat earst de bern ite moatte foardat de hûnen kommen. Earst de Israëlit en dan de oaren. En ien mei in hûn fergelykje wie in grute mislediging.

Ús tiid: En hoe steane wy der yn. Wy heare: "Eigen folk earst!!" Tûzenden minsken binne destiids emigrearre. Hawwe lân ferovere op de bewenners yn it nije lân. No it hjir goed hoe steane wy dan tsjinoer minsken die hjir hinne komme.

Destiids: De frou lit har net út it fjild slaan. Sy antwurdet en seit dat de bern dôchs ek krommels folle litte.... Dat is it momint dat Jezus beseft wat der bart en dat hy, fan út syn tradysje, it selde docht as de skriftgelearden. It is in kearpunt. Jezus sjocht in minske yn need. Hy nimt neat werom fan wat hy sein hat mar grypt yn! It bern is genêzen. Dermei bekennt Hy dat de hâlding ferkeard wie. It lijen rekket syn siel. Jezus is himsels foar eltsenien en alle folken.

Wy: doare wy ús ek beleare te litten? Iepen te stean foar oaren? Doare wy ús demoanen der út te setten en sûn te wurden?

Tankgebed en foarbede

Er wurd tanke foar de berte fan:
Wytse Harm Andrys Roorda út Reduzum
en Thalita Lemstra út Wieuwerd.
Frou Boesekool (suster fan frou Reitsma-Boesekool) die wer ôfreizge is nei Zimbabwe.

Tsjinst fan it dielen.

1^e Kollekte: Diakonei
2^e Kollekte: Tsjerke.

Blommen

De blommen gongen nei
Kees Verbeek.

Het blomstik makke troch:
Griet Tolsma



Meiwurkers

Foargonger: Hinne Wagenaar
Organist: Klaske Deinum
Koster: Jannie Smids
Âlderling van tsjinst: Martje Meijers
Diakenen: Hinke Meindertsma en
Tjitske Visser.
Bernetsjinst: Linda Jongbloed.

